

Wêr moat it hinne mei de stúdzje fan de Fryske literatuer?

De earste Dei fan de Fryske Letterkunde earet net allinnich Gysbert, mar ropt tagelyk de fraach op wêr't it hinne moat mei de stúdzje fan de Fryske literatuer. Der is folle dat ûndersyk fan need is.

Opiny

Reinier Salverda en
Eric Hoekstra

It is moarn 350 jier ferlyn dat it testamint fan Gysbert Japicx foarlêzen waard. Gysbert-Om blaasde de Fryske skriuwtal nij libben yn troch in rynsk ferskaat oan sjenres te beoefenjen. Hy skreau bygelyks religieuze en amoureuze gedichten, humoristyske en libbenskeunstige dialogen, brieven, berimingen fan psalmen en in oersetting fan in spiritueel Frânsk essay. Dêrmei liet er sjen dat it Frysk dochs in Taal wie, in taal mei haadletter T, in kultuertaal. Hy ynspirearre oaren om lyksa yn it Frysk te skriuwen, benammen yn de 19e iuw, doe't der sels feesten organisearre waarden om Gysbert te earjen.

Sadwaande is 2016 útroppen ta Gysbert Japicx-jier, en it Gysbert Japicx-hûs te Boalsert organisearret alderhanne aktiviteiten om Gysbert hinne. Yn dat ramt hâldt de Fryske Akademy moarn yn Tresoar de earste Dei fan de Fryske Letterkunde, yn 'e mande mei Tresoar, tydskrift *De Moanne* en de NHL. De Dei iepenet mei in publykslêzing oer Gysbert Japicx troch dichter en klassikus Piet Gerbrandy, dy't fertelle sil hoe't Gysbert syn barokke wurdkeunst in utering is fan libbenskeunst. In justjes modernisearre foarbyld fan Gysbert syn dichtkeunst is it neikommende:

*Yn it wrakseljen, yn it djoeien,
yn it snûtsjesnobjen, leaf,
yn it oangean en it stoeien
neamsto my dief, dief,
omt ik ûnder frijerije,
tûtsjeslij en sûnder lûd,*

*treau in mûlestjit twa trije
op dyn poddehierren toet.*

De earste Dei fan de Fryske Letterkunde earet net allinnich Gysbert, mar ropt tagelyk de fraach op wêr't it hinne moat mei de stúdzje fan de Fryske literatuer. De kanon fan de Fryske literatuer is ek oan fernijing ta, want dy kanon is basearre op oardielen út in fier ferline. Elke tiid moat syn eigen fyzje op it literêre ferline foarmje, sa't bygelyks Abe de Vries yn syn lêzing op de Dei sjen litte sil.

Gewoane lêzers

Njonken it ûndersyk hat de letterkunde ek as taak om âldere literatuer foar de gewoane lêzers tagonklik te meitsjen. Noch folle moaier is it brûken fan letterkunde as helpmiddel om in byld te sketsen fan de 17e iuw (en letter), sa't Geert Mak dat docht yn syn nijeste boek *De levens van Jan Six*.

Foar it ûndersyk is der dokumintaasje yn Tresoar, op wumkes.nl, op dbnl.org en yn it prachtige boek *Zolang de wind van de wolken waait*. Der is ynformaasje yn eardere biografyen en yn al besteande disertasjes en stúdzjes oer Fryske berne-literatuear, oer Fryske skriuwsters, oer de Fryske boereroman, oer it *Oera Lindaboek*, oer Fryske oersettingen fan de wrâldliteratuer en it nijsgjirrige ûndersyk nei de 19e iuw fan Goffe Jensma, bygelyks syn prachtboek *Het rode tasje van Salverda* en syn fraaie útjefte fan it *Oera Linda Boek*.

Mar der is noch folle mear dat ûndersyk fan need is. Wy jouwe hjirûnder twa konkrete foarbylden foar diskusje en ta ferdudliking.

Nim de folksferhalen fan Fryslân. Net minder as 18.000 Fryske folksferhalen binne sammele yn de Ver-



Yn oanwêzigens fan keningin Juliana wurdt it stânbyld ta neitins fan Gysbert Japicx ûntbleate, op 27 juny 1966 yn Boalsert. Foto: ANP

halenbank fan it Meertens Instituut yn Amsterdam, yn de publikaasjes fan Dam Jaarsma (*Mearkes út 'e Wâlden*) en de sân mânske dielen mei Fryske folksferhalen fan Ype Poortinga. Wat kin de letterkunde hjir betsjutte?

Der kin, as earste tinkfoarbyld, tocht wurde oan fernijend Europeesk-ferlykjend ûndersyk fan Poortinga syn wurk mei de Italiaanske skriuwer Italo Calvino, dy't yn 1956 in tsjokke bondel Italiaanske folksferhalen útjoech en dêrtroch ynspirearre waard - likegoed as Poortinga - by it skriuwen fan syn eigen ferhalen en romans. Beiden stean dêrmei yn in grutte Europeeske literêre tradysje, dy't weromgiet op de bruorren Grimm, op Lafontaine syn fabels, op Italiaanske fertellers lykas Boccaccio en Aretino, en by ús op de bruorren Halbertsma en Waling Dykstra.

Mei soksoarte ferlykjend-histoa-

Wy krije in djipper begryp fan sawol it Frysk-eigene as fan de Europeeske diminsje fan dy fraaie folksliteratuer

rysk letterkundich ûndersyk krije wy in djipper begryp fan sawol it Frysk-eigene as fan de Europeeske diminsje fan dy fraaie folksliteratuer.

Twadde tinkfoarbyld is Reinder Rienk van der Leest, de iennichste wier eksperimentele skriuwer yn de Fryske literatuer, sa't Trinus Riemersma him omskriuwt. Mei syn

poësjie, syn ferhalen en syn romans, mei syn dûbeltalint as skriuwer anneks byldzjend keunstner, en mei syn ûngewoane fantastyske en humoristyske taaleksperimenten. Hy hat in grutte bydrage levere oan de Fryske taalfernijing en oan ús taalwille, mar tagelyk nimt er ek in unike posysje yn de nei-oarlogske literêre avantgarde-literatuer fan bygelyks de Nouveau Roman yn Frankryk en de eksperimentele literatuer fan it Nederlanske taalgebiet.

It program stiet op www.fryske-akademy.nl/letterkundedei. Opjefte: baly@fryske-akademy.nl

Reinier Salverda is bysûnder heechlearaar Nederlânske taal en literatuer, University College London en Eric Hoekstra is taalkundich ûndersiker, Fryske Akademy